

GKb 9 Wês earlik, doch dyn neiste rjocht

Wês earlik, doch dyn neiste rjocht,
al is er earm of ryk.
Lûk him net foar, lis him net leech,
gjin freonepolityk.
Ik bin de Hear.

Stean iepen nei de minsken ta
en fal dyn broer net hurd.
Kreakje him net mei praatsjes ôf,
wês trou en hâld dyn wurd.
Ik bin de Hear.

Wês net haatdragend yn dyn hert,
mar wiis inoar de wei.
Hâld fan de oar as fan dysels,
doch wat dyn Rjochter sei.
Ik bin de Hear.

tekst Ria Borkent, by Levitikus 19:15-18 – ‘Wees eerlijk, doe de mensen recht’
oersetting David de Jong
meldij Willem Vogel